

It behâld fan ús Wâlden

Tseard Rintjema sketst in tige pessimistysk byld fan it lânskip yn de Wâlden (LC 22 febrewaris) en benammen yn Dantumadiel. Jo soene tinke dat der hast gjin beam mear stiet en mei de oanlis fan de Sintrale As it unike lânskip foargoed ferlern giet.

Moai dat Rintjema soarch hat foar ús lânskip, mar as bestjoer fan de Vereniging Agrarisch Landschapsbeheer Dantumadeel (VALD) herkenne wy ús net yn syn brief. Al langer wurdt der wurke om it lânskip fan elzesingels en beamwallen te hoedzjen en yn it jier 2000 is ús ferieniging hjirfoar oprjochte. Dit mei de gedachte dat, as jo it lânskip duorsum yntakt hâlde wolle, de lâneigners en -gebrûkers de basis foarmje moatte.

Mei mear as 150 leden yn Dantumadiel leit der no in goeie basis foar it beskermjen en ûnderhâlden fan de beamwallen. Mar dat kin allinne as der ek ynfestearde wurdt yn it behear en ûnderhâld fan de singels en dermei it behâld fan it kûlisse-lânskip dat laat hat ta de status fan Nasjonaal Lânskip.

De VALD hat ferskate projekten útfierd om de kwaliteit fan ús lânskip te fersterkjen. Ien fan dy maatregels is - en dat heart miskien frjemd - it kapjen fan elzesingels. Troch de kap ferjongje de singels wer en mei nije oanplant wurde gatten yn in singel wer weiwurke. Mei stikeltried wurde de nije útridders beskerme. En foarhinne wie it in betingst fan ús dat dizze jonge singels ek ûnder in behearsfergoeding kamen. Dat levere draachflak op by de boeren, mar wie ek in stok achter de doar yn gefallen wannear't it behear net

goed útfierd waard. Troch de besunigingen by it Ryk kinne der gjin nije singels mear ûnder behear komme. Dat is de bile oan de woartels fan it Nasjonaal Lânskip!

Moat dan alles bliuwe sa as it wie? Neffens ús hoecht dat net en kin dat ek net. De wrâld om ús hinne feroaret, en wy sille hjir op ynspylje moatte. It is wier, troch skaalfergrutting yn de lânbou en doarpsútwreiding is der in soad ferlern gien en ek de oanlis fan de Sintrale As, yn hokker foarm dan ek, is in grutte yngreep yn it lânskip.

Mar giet it sa mâl as Rintjema oanjout? Op de webside stiet it Provinciaal Inrichtingsplan. Yn dat plan stiet dat it giet om krapoan 15 kilometer elzesingel dy't ferdwynt, en dat jout al in hiel oar byld as de 150 kilometer dêr't Rintjema it oer hat. Ek wurdt skreaun dat der mear kompenseard wurdt as opromme. Tagelyk kin ek sjoen wurde nei it herstel fan de âlde halepaden (paden oer de sânreûde de Hale, red.) en oare rûtes.

Mei in beskriuwing dat it lânskip no al neat mear is, soe it effekt wolris wêze kinne dat it ryk de hannen fan it Nasjonaal Lânskip ôf lúkt en dan komt it doembyld dat Rintjema sketst dochs tichterby. Wy sjogge neist de bedrigings lykwols ek kânsen dy't wy graach mei de belutsen oerheden oppakke wolle mei it doel om ús Wâlden te behâlden foar de ynwenners mar ek foar de toerist dy't mear en mear ús krite wit te finen.